


# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner:
FNP, Sijbe Knol CDA, Aebe Aalberts PvdA, Hetty Janssen VVD, Klaas Kielstra 50Plus, Theun Wiersma

Moasje nr.	07
Paraaf	
Wurklistpunt	5
Beslút	

## MOASJE, op grûn fan kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	29 juny 2022
Wurklistpunt	06B ZZB
Koarte titel fan de moasje	Subsydzje Doarpswurk
De Steaten, yn gearkomste byinoar op de 29 <sup>e</sup> fan de Simmermoanne 2022	
heard hawwende it berie;	
Oerwagende dat:	
-Yn it foarstel ZBB/SPP foarstellen dien wurde foar weroerwaging fan tydlike budzjetten. It kolleezje stelt û.o. foar om de budzjetsubsydzje foar Doarpswurk ferfalle te litten mei yngong fan 2026;	
-Yn septimber 2018 PS besletten hawwe om Doarpswurk opgean te litten yn in nije organisaasjestruktuer en dêrmei de subsydzjerelaasje ferfalle te litten, dat PS hawwe doe in amendemint oannaam hawwe wêryn fêstlein is dat earst dúdlik wêze moat hoe't de organisaasjestruktuer foar mienskipsinistativen ynrochte wurdt, mei dêryn opnaam de funksje fan Doarpswurk, foardat de subsydzjerelaasje ôfboud wurdt;	
-Yn it brief fan 17 maaie 2022 it kolleezje fan DS witte lit dat de niisneamde organisaasjestruktuer noch net effektuearre is;	
-De yntsjinners fan dizze moasje it wichtich fine dat de nije struktuer meikoarten stevich delset wurdt en dat ek de gemeenten dêr in bydrage yn leverje;	
-Oant dy nije struktuer yngien is, kin de subsydzjerelaasje mei Doarpswurk net ôfboud wurde;	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten / sprekke as harren miening út:	
-Dat de subsydzjerelaasje mei Doarpswurk pas ôfboud wurde kin neidat de funksjes dy't Doarpswurk no hat, boarge binne yn de nije organisaasjestruktuer;	
en geane oer ta de oarder fan de dei	

MOASJE

# MOASJE

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Sijbe Knol
	CDA, Aebe Aalberts
	PvdA, Hetty Janssen
	VVD, Klaas Kielstra
	50Plus, Theun Wiersma